

DÉ RING FAN FRYSLÂN



Te keap yn ús winkel en
fia pompebledsjes.nl

MIDSTRAAT 1, JOURE

WATZEVANDERWAL.NL

2024
2025


RYSK SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong

53

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



DE GRAAF

PIANO'S & VLEUGELS

VERKOOP EN VERHUUR



Sinds 1951 het adres voor

STEMMEN EN ONDERHOUD

Hanekamp 8 8023 TH Zwolle, telefoon (038) 453 55 87
info @degraafmuziek.nl



BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst
	janendjoke@home.nl	/ 0522 464718 / 06 14268993
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen
	henmmonkel@kpnmail.nl	/ 0529 433175 / 06 30888376
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle
	jolandalootens@live.nl	06 47585240
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst
	sdabakker@outlook.com	/ 0529 401683 / 06 57255999
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe
	jantjerkkuipers@gmail.com	/ 0570 522329 / 06 42275636
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle
	annetnieuw@planet.nl	/ 038 4537836

Lede-administraasje

Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle 06 47585240

IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSONEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	06 53645726
Hatterij	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegiersma	Nijverheidsstraat 11	06 19506520
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

Zwolle

Aalanden	frou B. Ypenga	Potmarge 29	038 4537164
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. van Slageren	Lorentzlaan 34	038 4529353
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Hândellaan 359	06 44440759
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	06 47585240
Westenholte en Spoolde	hear H. van der Zee	Bouwkamplaan 6	038 4223588
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear G. Jellema	Westerbergmate 49	038 4657561

MEIDIJELINGEN BLEED FAN IT

FRYSK SELSKIP SWOL

Jiergong 53
nûmer 4

Oprjochte 8 febrewaris 1899

foarjiersmoanne 2025

AL WER IN JIER


Dit is al wer it lêste krantsje fan dit winterskoft. Oant no ta kamen der fiif krantsjes yn't jier út. Dy wiene yn swart-wyt. Utsein it jubileumkrantsje ta gelegenheid fan it 125-jierrich bestean. Dat wie it earste krantsje yn kleur en op in bettere kwaliteit papier. Dêr kamen positive reaksjes op. Dêrom binne de krantsjes dit winterskoft ek yn kleur. Dat kostet fansels wat mear, mar yn stee fan fiif krantsjes folsteane wy no mei fjouwer en, as it nedich is, in nijsbrief.

Yn it earste krantsje fan dit winterskoft stiet it ferhaal oer de 'Treinreis fan it libben', dat as metafoar foar ús selskip tsjinne. Dit winterskoft stapten der yndied in pear minsken yn dy symbolyske trein. Der stapten lykwols ek guon út. Om't it ledetal aloan lytser wurdt, wy kinne inoar fierwei hinne by de namme, wurdt dêr yn dit krantsje omtinken oan jûn. En de trein fan ús selskip rydt fierder.

Nei it ferhaal fan Sippy Tigchelaar oer de froulju fan de skûtsjeskippers, it krystmiel mei it optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol en de ferhalen fan Gjalt Sijrksz. de Groot op ús nijjersmiddei, slute wy dit winterskoft freed 28 maart muzikaal ôf. Dêrta komt de Fryske trûbadoer Adri de Boer nei 'de Weijenbelt'. Us selskip bestiet al 125 jier en De Boer stiet ek al mear as 50 jier rûnom yn Fryslân en dêrbûten op 'e planken. Dochs komme wy no pas mei-inoar yn 'e kunde. Earder dit winterskoft fersoarge Adri de Boer in optreden by de Fryske krite yn Twinte. Dat hat him en de kriteleden dêr tige skoan foldien.

Dan, freed 28 maart, is it al wer maitiid. Yn de meteorology begjint it foarjier op 1 maart. Maart is, sa't hjirboppe stiet, de foarjiersmoanne. As it waar ús ek bringt, wat wy fan it foarjier, fan 'e maitiid ferwachtsje, moatte wy mar ôfwachtsje. De ôfrûne winter hawwe wy ek net folle winterwaar fernaam. Lokkich hawwe wy it waar net yn 'e hân. Dat litte wy gewoan oer ús hinne komme.

Jan Bosgraaf
foarsitter



Lang om let stean ik wer op 'e foarside.
Fan dit plak ôf in moaie simmer tawinske.

NIJJERSMIDDEI

*freed 31 jannewaris 2025 yn 'De Weijenbelt'
mei Gjalt Sjrksz. De Groot
56 minsken oanwêzich*

Mei sinneskyn waar sjocht de wrâld der altyd fleurich út. Dat wie freed 31 jannewaris net oars. Om it waar hoegde dan ek nimmem thús te bliuwen. Lykwols hearske de gryp. Der waard sels sprutsen fan in epidemy. De grutte fraach wie dan ek, hoefolle flecht der op 'e koai (ús nijjersmiddei) wêze soe. En wat blykt? Oan de fyftich stuollen dy't klear stiene, hiene we net genôch. Oft dy grutte opkomst oan it sierlike waar lei, oan de kofje/tee mei oranjekoeke dy't ree stie, of dat de lju nijsgjirrich wiene nei de ferhalen fan Gjalt de Groot, is net nei te gean. As bestjoer binne wy tige ynnommen mei safolle minsken.

En dy wiene perfoarst net foar neat kaam. Nei de kofje/tee mei oranjekoeke, it útwikseljen fan nijjerswinken en it sjongen fan it Frysk folksliet, is it wurd oan Gjalt Sjrksz. de Groot. De Afûk yn Ljouwert hie de man by ús lid Jelma Wiegersma oanrekommandearre. Dat docht sa'n ynstânsje net samar. Dan meie jo wat ferwachtsje.

En dy ferwachtings makke Man, man, wat is dat in tried wei troch fertelt er hy sykhellet sa no en dan it ien stream fan wurden de tried fan it ferhaal noait hoe't er syn taharkers ferhalen. Om't Friezen komst wy en fan wa bisto earst dat er yn 'e kaam is en as jonkje mei nei it wetterlân tusken Alde Feanen. De krite yn Fryslân dêr't hy it boek *'We strûpe derûnder'* oer skreaun hat. Om't de boel dêr yn syn jonge jierren, mei heech wetter en stoarmwaar, folslein ûnder wetter strûpte. Yn dy tiid hie Fryslân allinnich it Woudagemaal om it wetter ôf te fieren en dat koe it dan net oan. De pleats dêr't syn âlden op buorken, Luctor et Emergo, hie dan ek net foar neat dy namme. It wie wrakseljen om it spul letterlik boppe wetter (drûch) te hâlden. En wrotten en wramen om de eintsjes oaninoar knoepje te kinnen. Gjalt fertelt oer de ferfarderij fan 'e Trynwâlden nei it wetterlân, dêr't it hynder by ferdronk, oer syn jongesjierren as skoaljonge, ferwoed aaisiker en reedrider. Dat syn âlden noait by in wedstryd wiene om him oan te moedigjen of nei in skoaljûne giene. Foar de bern jilde it biedwurd: 'Jimme rêde jim woll!' Dat hat Gjalt syn hiele libben ek dien. Nei it skoft fertelt er dêr oer.



Gjalt mear as wier. ferteller. Oan ien syn ferhalen. No ja, al ris, mar fierders is en deryn rekket er kwyd. Geweldich, meinimt yn syn altyd freegje: 'Wêr ien?' fertelt Gjalt Trynwâlden te wrâld syn âlden ferhúze Grou, Warten en de Alde Feanen. De krite yn Fryslân dêr't hy it boek *'We strûpe derûnder'* oer skreaun hat. Om't de boel dêr yn syn jonge jierren, mei heech wetter en stoarmwaar, folslein ûnder wetter strûpte. Yn dy tiid hie Fryslân allinnich it Woudagemaal om it wetter ôf te fieren en dat koe it dan net oan. De pleats dêr't syn âlden op buorken, Luctor et Emergo, hie dan ek net foar neat dy namme. It wie wrakseljen om it spul letterlik boppe wetter (drûch) te hâlden. En wrotten en wramen om de eintsjes oaninoar knoepje te kinnen. Gjalt fertelt oer de ferfarderij fan 'e Trynwâlden nei it wetterlân, dêr't it hynder by ferdronk, oer syn jongesjierren as skoaljonge, ferwoed aaisiker en reedrider. Dat syn âlden noait by in wedstryd wiene om him oan te moedigjen of nei in skoaljûne giene. Foar de bern jilde it biedwurd: 'Jimme rêde jim woll!' Dat hat Gjalt syn hiele libben ek dien. Nei it skoft fertelt er dêr oer.

(ferfolch op side 3)

DER IS HIEL WAT FERORE

Koartlyn kaam ik yn famyljestikken, fan Djoke har kant, út 'e twadde helte fan de 19^e iuw in tal rou- en troubrieven tsjin. Fan minsken dy't ik net kennen haw. Mei niget lies ik de teksten. Wat in ferskil mei de teksten fan tsjintwurdich. De wurden komme mear as fatsoenlik, wat deemoedich, suver nederich op jin oer. Ien foarbyld: *'Geachte vriend. Wij geven UEd. Bij dezen met eerbied te kennen, dat wij, met goedkeuring onzer Ouders onder inwachting van den Goddelijken zegen, voornemens zijn een wettig Huwelijk aan te gaan, waarvan de eerste afkondiging is bepaald op 8 Junij. Niet twijfelende aan UEd. deelneming in deze voor ons zoo heuglijke gebeurtenis, nemen wij bij dezen de vrijheid ons in UEd's toegenegenheid en vriendschap aan te bevelen, met minzame hoogachting ons noemende'* It brief wurdt ûnderskreaun mei: *'UEd. Dv. Dienaar en Dienaresse'* en dan de beide nammen fan it pearke dat fan doel is de lapen byinoar te smiten, of, sa't wy dat yn Fryslân ek wol sizze, de lange hier yn te gean.

No haw ik 25 jier yn Swol en Staphorst bûtengewoan amtner fan de boargerlike stân west en yn dy jierren hûnderten troukaarten foarby kommen sjoen, mar dêr sit net ien by as dy't hjirfoar beskreaun is. Mooglik twa of trije kaarten dy't begjinne mei: *'De heer en mevrouw X geven u hierbij te kennen van het voorgenomen huwelijk van hun zoon (namme)'* en foar de oare helte: *'(...) het voorgenomen huwelijk van hun dochter (namme)'* Oft it lju fan kwizekwânsje binne, of har sa fiele, doar ik net te sizzen. In pear hûndert kaarten fermelde, dat it foarnimmen *'mede namens onze wederzijdse ouders'* is. Mar faak bliuwt it by: *'Wij willen elkaar het Ja-woord geven', 'Wij gaan trouwen!'* of noch koarter *'Wij trouwen!'*. Of *'Ready for take-off!'*, wylst gjin fan beiden piloat is. *'Den Goddelijken zegen'* is lykwols net alhiel ferdwûn. Mei wol in grut ferskil tusken Swol en Staphorst, dêr't Gods seine oer it houlik yn ferhâlding faker frege wurdt as yn Swol. Sa binne der wol mear ferskillen. Net allinnich tusken de stêd en it doarp, mar ek tusken houliksslutingen. Der is ommers gjin pearke gelyk. Mar dêr sil ik it hjir fierders net oer hawwe. It ferhaal soe fierstente lang wurde.



Wat ik oan dy âlde troukaart (eins wie it in foaroankundiging) ek nijsgjirrich fyn, binne de portokosten. Ein 19^e iuw folstie **ien sinterske** postzegel. Hjoed-de-dei moat op sa'n kaart in postzegel dêr't ek in **1** op stiet. Dy stiet foar **€ 1,21** (omrekkene) **fl. 2,67**. Yn sa'n 150 jier is der mear feroare as allinnich de tekst.



**De
Fryske
Beweging.**
sûnt 1945

De Fryske Beweging is de organisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en dy't har ynsette foar mear romte foar it Frysk en de Fryske kultuer.

De Fryske Beweging (DFB) is dwaande mei tal fan saken dy't fan belang achte wurde foar it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk. DFB is mei-organisator fan de Fedde Schurerlêzing. Fierder rikt DFB ien kear yn 't jier de Fear yn 'e Broek út en wurde no en dan Plombrieven stjoerd nei persoanen of ynstânsjes dy't har op in bysûndere wize ynsette foar it Frysk.

Op **Goeie.frl**, de digitale nijsside fan de DFB, stiet, nijsgjirrich nijs oer alles wat mei Fryslân en de Fryske taal en kultuer te krijen hat. Under it bieldurd 'Foar de rykdom fan Fryslân'

Goeie.frl

FERGEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN OP 28 MAART 2025

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)

Namme:

Adres :

Postkoade
en wenplak :

Tillefoannûmer:

E-mail:

Is/binne op 28 maart 2025 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:

(ferfolch fan side 2)

Foaral oer de bargehâlderij, dy't er ûnder Holwert hân hat. In skoander bedriuw, dat troch de MKZ-krisis fan 2001 yn grutte problemen kaam trochdat foar alle biggen fan de pear hûndert foksûgen gjin plak genôch wie en der gjin bist ferfierd wurde mocht. Dei en nacht waard der wurke om in tydlik ûnderkommen foar de bisten te meitsjen. Troch al it wurk en in soad argewaasje, bygelyks gjin sint skeafergoeding, rekke er oerspand. Doe is Gjalt mei skriuwen begûn. Rillegau siet er seis wiken yn it skriuwersarkje fan Rink van der Velde op De Feanhoop.

Nei't Gjalt de earste boeken útjûn hie, waard er frege oft er dêr net ris oer fertelle woe. Yn 'e rin fan 'e jierren hat er hûnderten kearen op in paad west en rûnom yn Fryslân syn ferhalen ferteld. En no dus ek by ús, wylst er eins net mear op in paad giet, sa't er sei. Mar syn maat, Klaas van der Hem, mei graach autoride. Dat sadwaande. Nei it ferhaal oer syn libben, fertelt Gjalt noch in pear smoute ferhalen dêr't de fantasij net yn ûntbrekt. Bygelyks in reis nei Rome om in ljipaaai oan de paus oan te bieden. Sa besorget er mei syn ferhalen de taharkers in tige noflike, nostalgyske en werkenbere middei. Hy is lykwols net allinnich ferteller. Hy is ek sakeman. Fan syn boeken ferkeapet er dizze middei in stikmannich en foar de iel, dy't er spesjaal foar ús rikke hat, steane de ôfnimmers yn 'e rige. Ta beslút wurde de prizen fan de ferlotting útlotte en de trije doaskes oranjekoeke ûnder de sân leden dy't de krystpuzel goed oplost en ynstjoerd hawwe. Yn gronologyske folchoarder komme **Freerk Kunst, Petra Aukema en Gerrit Jellema** út 'e sprekewurdlike hege hoed. Nei ôfrin wurdt der, ûnder it genot fan in drankje en in bitterbaltsje fan 'de Weijenbelt', noch efkes gesellich neipraat.

(JB)

FREONEN FAN OMROP FRYSLAN



De Feriening Freonen fan Omrop Fryslân (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop. It doel fan de feriening is it stribjen nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. De FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellingen en aktiviteiten. De FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd *Each en Ear* en/of in nijsbrief. Foar leden wurde ekskurzjes, lêzings, in jiergearkomste ensfh. organisearre. De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wolle jo ek FREON wurde fan Omrop Fryslân?

Stjoer in e-mail nei freonen@omropfryslan.nl

Of folje op webside www.omropfryslan.nl/freonen it formulier yn.

Lit ús dêrom drinke

foar alles is in oere, foar alles is in tiid.
 Alles giet nei 't selde plak, mei of sûnder striid.
 Der is in tiid fan laitsjen en dy tiid is samar om;
 in tiid om te fergriemen; dy krigest nea wer werom.

In libben sûnder wiisheid is in libben sûnder ljocht.
 In libben sûnder leafde is in libben om 'e nocht.
 Lit ús derom tinke, no't it winter wurdt en kâld.
 Lit ús dêrom drinke, foar wat frede yn 'e wrâld.

Gerrit Breteler



It **Frysk Sjongkoar Swol** sjongt al mear as tweintich jier mei in soad nocht en wille bekende en minder bekende Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht net lid te wêzen fan it Frysk Selskip Swol. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

Sa no en dan fersoarget it koar in optreden yn Swol of earne oars. Ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Neist it opsnuven fan in stikje kultuer of histoarje, sjongt it koar dan yn in fersoargingshûs. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Freedtemoarns om 10.00 oere repetearret it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte). Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.

Kenne jo immen, dy't graach sjonge mei, trúnje him/har dan oan om ris nei in repetysje te gean. Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma	foarsitter	0523 656802
Simon Galema	skriuwer	06 51562533
Jolanda Lootens	ponghâlder	06 47585240
Jelma Wiegersma	diriginte	06 19506520



Sneon 29 maart 2025 hâldt It Keninklik Frysk Boun om Ustens syn jierlikse

Algemiene Gearkomste (AG) en Moetings- & Ynspiraasjemiddei

diskear by de Fryske Krite 'Mei inoar Ien' fan Utert/Seist
 yn Kongressintrum 't Veerhuis, Nijemonde 4, 3434 AZ Nieuwegein.

Programma

10.00 oere Ynryn en ûnfangst
 10.30 oere Algemiene Gearkomste, dêr't, neist de gebrûklike saken, ek de takomst fan it KFBou yn oan 'e oarder komt
 12.20 oere skoft mei lunch (kostet € 15.--)
 13.10 oere Moetings- en Ynspiraasjemiddei mei ynlieder Sjirk Bruinsma, foarsitter fan de Fryske Beweging (foarhinne Ried fan de Fryske Beweging)
 14.40 oere skoft
 15.00 oere optreden fan it teaterduo 'Klún en Knoffelhakke' (kostet € 10.--)
 17.00 oere Ofsluting

Nei ôfrin oanskowe foar it warm miel kin ek (kostet € 22,50)
 Konsumpsjemunten kostje € 3.-- it stik.

Nim genôch bûsjild mei, want alles moat **kontakt betelle** wurde.

Wa't der (op eigen gelegenheid!) hinne wol, moat him/har **foar 12 maart** opjaan by ús skriuwer Jolanda Lootens (sjoch op 'e lêste side).

Graach dúdlik oanjaan:

- namme en adres
- al of net gebrûk fan de lunch
- al of net nei 'Klún en Knoffelhakke'
- al of net gebrûk fan it waarm miel

Ast mei in minske praatst yn in taal dy't er ferstiet dan komt it yn syn holle. Ast mei him praatst yn syn eigen taal dan rekket it yn syn hert. (Nelson Mandela)

BALTSJE OF BOLTSJE

Wy dogge ús bêst om yn dit krantsje geef Frysk te brûken. Oer de kopij geane altyd twa pear eagen. Twa sjogge no ienris mear as ien. En dochts betraapje wy ús der op, dat der wol ris in staveringsflater(ke) yn stean bliuwt.



Bygelyks op 'e middenside fan it foarige krantsje, dêr't stiet dat we nei ôfrin in 'boltsje' fan De Weijenbelt krije. Nimmen hat frege wêr't dat boltsje bleau, want wy krigen fan



Hanneke ommers in lekker (bitter)baltsje. Mar dat binne wol twa ferskillende dingen. In baltsje is it ferlytsingswurd fan bal en in boltsje fan bôle. Dat is dochs in hiel grut ferskil. Bitterbaltsjes falle der meastentiids yn as in preek yn in âlderling. En de moaiste boltsjes lizze foar it finster. Fonetysk is der gjin ferskil as we it oer baltsjes of boltsjes (fan bôle) hawwe. Wy kinne it hawwe as wyn en bôle. En ek mei-inoar kinne as wyn en bôle. En jo kinne sa goed as bôle wêze.

As we it oer boltsjes slacht binne, dan is der komt de o mear foar út it ferlytsingswurd fan binne, kinne jo der yn Mar lokkich stiet in lilke de bolle keallet', wol Juttemus.



hawwe, dy't gauris foar de fonetysk wol in ferskil. Dan 'e mûle. Yn dit gefal is boltsje bolle. As jo sa lik as in bolle fleane as in bolle yn 'e reak. bolle meastal oan it stjoar. 'As sizze dat it duorret oant Sint

Immen kin bolle wangen hawwe, of bolle eagen. Dan is bol in eigenskipswurd. Lykas in seil, dat bol stean kin troch de bolle wyn. De wiersister sjocht yn har glêzen bol (haadwurd) en foarseit mooglik in gouden takomst. Om bolbjirken fan te wurden. Jo kinne in bol yn it learen wêze en ek hiel wat yn 'e bol hawwe. Dan hawwe wy it oer de holle (de plasse), dy't in bolle foarm hat. Mar as de snie ûnder de klompen ballet, binne dy ballen wol bolfoarmich, mar wurde, krekt as snieballen, stavere mei in a yn stee fan in o. Lykas in keatsbal, dy't boppe of kwea slein wurde kin. Dy't keatse wol, moat de bal wachtsje. En elke keatser slacht de bal wolris mis. Dat kin sear dwaan oan 'e bal fan 'e hân. Wa't in spultsje mei in bal docht, is oan't baljen. Bygelyks fuotbalje, heinderbalje of sniebalje. De fisk en einen kinne jo ferbalje. Dat hat lykwols neat mei in bal te krijen. Lykas der oan dûnsjen op it bal ek gjin bal of bol te pas komt. Dat is ek it gefal mei dit ferhaaltsje. Dêr kinne jo gjin bal oan fine. Dêr soe de skriuwer fan bale kinne as in stekker. Dat docht er lykwols net. Wol in bytsje fan it 'boltsje' yn ús foarige krantsje. Dat hie 'baltsje' wêze moatten.

(JB)

RAAARRRR !

Begjin jannewaris sette ús lid Jelma Wiegersma op har facebookside: *'Gedoneerd om metabole ziektes de wereld uit te helpen: 11,5 miljoen. Gespendeerd om een uurtje te knallen: 118 miljoen. Raaarrrrr!'*

It earste bedrach is de opbringst fan 'Serious Request' dat yn desimber yn Swol hâlden waard. It twadde gie in wike letter oan fjoerwurk de loft yn.

No wurde wy suver alle dagen mei frjemde, nuvere en rare saken konfrontearre.

Bygelyks yn de **Feriene Steaten fan Amearika**. Om by Trump yn in goed bledsje te kommen, skafte sosjaal media-baas Mark Zuckerberg in pear wike foar de ynauguraasje fan Trump op facebook de saneamde 'factcheckers' ôf. Jild makket no ienris freonen. En dat er dêrmei in freon fan Trump waard, die bliken by de ynauguraasje. Doe siet er, mei dy oare techmiljardêr Elon Musk, op 'e rige fôar de rige fan de noch te beneamen ministers. 'Raaarrrrr!' Mar nei de ynauguraasje barden der folle, folle 'Raaarrrrrder' dingen.

Of nim no **Europa**, dat aloan fierder polarisearret. It wy-sy-tinken fiert gauris en te faak de boppetoan en is in gefaarlike ûntwikkeling. Neffens de TV-searje 'Het Hoge Noorden' sjogge de bewenners op Spitsbergen (Svalbard foar de Noaren) mei skeane eagen nei bûtenlanners en hawwe it leafst, dat se fuort geane. Is't net 'Raaarrrrr?'. Wylst der romte by't soad is. Op ien fjouwerkante kilometer wenje noch gjin 25 minsken. Yn ús lân 433.



Foto: Wikipedia CC BY-SA3.0

Yn **Nederlân** kinne we der ek wat fan. In wike nei âld-en-nij, tiisdei 7 jannewaris, wie it 'Fat Cat Day', de dei dat sechtsjin ceo's yn Nederlân al likefolle fertsjinne hawwe, as dêr't immen mei in minimumlean it hiele jier foar wurkje moat. Dat is dochs 'Raaarrrrr!'

Om mei in foarbyld út **Fryslân** te einigjen. Ein foarich jier gie de konsesje fan it iepenbier ferfier yn Fryslân oer fan Arriva nei Qbuzz. De nije snelbussen (Q-liners) fan Qbuzz mochten lykwols mar 80 kilometer de oere ride yn stee fan 100. Dêrtroch kamen se steefest te let op it plak fan bestimming oan. Oarsaak: Ear't de bussen 100 km/oere ride meie, moatte se noch kard wurde troch de Rijksdienst voor het Wegverkeer. Is't net 'Raaarrrrr'? Soks docht men dochs foardat de bussen op 'e dyk komme?!

(JB)

FRYSK FOLKSLIET 150 JIER

It liet 'De Alde Friezen' is skreaun troch Eeltsje Halbertsma (1797 – 1858). It waard foar it earst publisearre yn de twadde printinge (1829) fan 'De Lapekoer fen Gabe Skroor', in ferhale- en dichtbondel dy't er tegearre mei syn broer Joast yn 1822 publisearre hie. De tekst is yn 1871 ek opnaam yn de earste printinge fan 'Rimen en Teltsjes' fan de bruorren Halbertsma. En yn 1876 yn de earste printinge fan 'It Lieteboek', letter 'Frysk Lieteboek'.

'De Alde Friezen' hat de melody fan 'Vom hoh'n Olymp' fan Heinrich Christian Schnoor. Mooglik hat Halbertsma dat heard yn de tiid dat er studint wie yn Heidelberg. Doe't yn 1875 yn Grou in monumint foar Eeltsje Halbertsma oprjochte waard, waard it liet ta syn neitins songen. Dat wie doe as wie't in folksliet. Op foarspraak fan Pieter Jelles Troelstra is it yndie dat jier noch troch it Selskip foar Fryske Taal en Skriftekennisse oannaam as Frysk Folksliet.

Ien fan de redakteuren fan 'It Lieteboek' wie Jacobus fan Loon. Hy bewurke de orizjinele tekst fan Halbertsma en brocht it tal fan fersen werom fan sân nei fjouwer. It earste en it lêste fers binne oernaam hast sa't Halbertsma se skreaun hie, mar dêr tuskenyn binne mar twa oare fersen opnaam; oanpaste ferzjes fan it sechde en fyfte fers. It is dizze ferzje dy't al gau populêr wurden is, en no as it Frysk Folksliet beskôge wurdt. Yn 2025 sjonge Friezen thús en om utens it 150 jier.

Oarspronklike tekst fan Eeltsje Halbertsma.

*Frysk bloed, tjoch op! Wol nou'ris broeze ind siede,
Ind bonsje throch myn ieren om.
Flean op! Ik sjong it baeste lân fenn' ierde;
It Frysce lân fol ear ind rom.
Klink den, in daverje fier yn it roun
Dyn âlde eare, o Frysce groun.*

En de bewurke tekst sa't wy it sjonge.


*Frysk bloed tsjoch op! Wol no ris brûze en siede,
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,
It Fryske lân fol eare en rom.
Klink dan en daverje fier yn it rûn
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!*



Stânbyld fan Eeltsje Halbertsma
yn Grou troch Johan Schröder (1904)
boarne: Wikipedia CC BY-SA 3.0

YNTERNASJONALE BASISSKOALLE

As Frysk letterlik yn Hollânsk oerset wurdt, krije jo, mei tank oan Rink van der Velde silger, it saneamde Bokwerders. Dat sjocht der sa út: Het is bij tijden maar suiterig buiten. Hij kochelt omraak, dat ik zou zeggen: maar smout bij de kachel blijven. Geen maller goed als mensen. Ik vind hem maar een zuurtje. Ik denk dat u u verzint. Dat wordt bargebijten. Het lijkt me wel naar vliegen. Wat hebben we hier? Het moet niet raarder worden, bliksteenkater. Alles naar de barrebiesjes. Dit is maar nuiver spul. (oernommen út it kriteblêd fan de krite 'Us Memmetaal' te Assen)



No hat it ministearje fan Underwiis grien ljocht jûn foar de oprjochting fan in ynternasjonale basisskoalle yn Ljouwert. De komst fan sa'n ynternasjonale skoalle moat Fryslân as fêstigingsplak oantrekliker meitsje. De skoalle komt yn de nije wyk Middelsee, oan de súdkant fan Ljouwert, en is bedoeld as foarsjenning foar hiel Fryslân.

De gemeente Ljouwert hat de plannen foar de skoalle ûntwikkele yn gearwurking mei it PCBO, de organisaasje fan kristlik basis-ûnderwiis en Sinne berne-opfang. It inisjatyf is stipe troch de provinsje, de fjouwer grutste Fryske gemeenten en de hegeskoallen. De inisjatyfnimmers ferwachtsje dat de skoalle oer fiif jier sa'n tachtich learlingen telle sil.

It doel is dat de ynternasjonale basisskoalle yn 2026 begjint. As dy genôch learlingen lûkt, dan kin de skoalle letter útboud wurde mei fuortset ûnderwiis.

Fuortdaliks nei't it nijs bekend waard, stie yn de Leeuwarder Courant njonkensteand berjocht, dat ek yn whatsapp ferstjoerd is. Om it yn Bokwerders te sizzen: Daar kun je je wel even mee vernuiveren.

(JB)

NIJE LEDEN

It is al wer in moai skoft lyn, dat wy nije leden wolkom hjitte koene. Dêr wiene wy tige wiis mei, want jierren oanien rûn it ledetal aloan fierder tebek. No feroarje in pear nije leden de delgong net yn in foarútgong, mar dêrom binne wy net minder bliid mei de komst fan nije leden. In jûn hynder moat men net yn 'e bek sjen. Mei oare wurden, op presintsjes moat men gjin kommentaar leverje. En nije leden binne presintsjes foar ús selskip. Dêr krije wy nea genôch fan. Dit winterskoft waarden wy ferrast mei presintsjes yn de foarm fan fjouwer nije leden. Dat binne, yn folchoarder fan oanmelding:

- **Oene Spoelstra út Kampen**
- **Derk en Tjitske Mulder út Wezep**
- **Han Visser út Swol**

Tige, tige wolkom yn ús fermidden.

Tjitske en Han binne beide lid fan it Frysk Sjongkoar Swol. En Tjitske hat, doe't se yn Swol wennen, in pear jier bestjoerslid fan ús selskip west. By it krystmiel wiene se der alle fjouwer. Wy hoopje dat it harren letterlik en figuerlik sa goed smakke hat, dat wy harren, leafst alle middeis, begroetsje kinne.

OFSKIE FAN LEDEN

Elke medalje hat in kearside. Fan twa leden hawwe wy yn jannewaris ôfskie nommen.

Op 9 jannewaris is **Ido Jan Streekstra**, yn 'e âldens fan 94 jier, ferstoarn. Nei't wy yn septimber 1992 in útstapke nei de Bataviawerf yn Lelystêd makken, hat Ido it jier dêrnei in útsje nei Fryslân foar ús organisearre. Dat wie in boppeslach en it is net by ien útsje bleaun. Ido hat yn Kampen in tal jierren kontaktpersoan foar it selskip west. Trochdat Ido en Baukje beide troch krupsjes pleage waarden, kamen se de lêste jierren net mear op ús jûnen/middagen.

Op 13 jannewaris is **Antje (Ans) van Walderveen – van der Heide** ferstoarn. Ans is 82 jier wurden. Fan it winterskoft 2005-2006 ôf oant en mei 2013-2014 wie Ans yn Swolle-Súd kontaktpersoan foar it selskip. Op ús jûnen miste Ans eins noait. Ofrûne oardel jier liet har sûnens dat net mear ta.

Wy hawwe en hâlde goede oantinkens oan dizze twa trouwe leden.

ADRI DE BOER YN DE WEIJENBELT

Freedtemiddei 28 maart kinne wy genietsje fan it optreden fan de Fryske trûbadoer Adri de Boer, hikke en tein yn Surhústerfean en no wenjend yn Lippenhuzen. Syn âlders songen by de oratoariumferiening en it folgjen fan oargelles hearde thús ta de opfieding. Sa waard Adri, doe't er fiiftjin jier wie, oargelist by in gospelgroep en hie de smaak fan poadium'koarts' rillegau te pakken.

As santjinjierrige kaam er op Borneroord yn Beetstersweach te wurkjen. Dêr rekke hy oan 'e praat mei kollega's dy't in band foarme hiene ûnder de namme 'Interlude', en in oargelman koene se wol brûke. Syn hiele wurksume libben hat Adri yn 'e soarch wurke. Mar tiid foar muzyk bleau er altyd. Nei't er, tegearre mei in tal kollega's yn 1987 de Frysktalige musikal 'Diggel' makke, ûntstie ek syn earste muzykprogramma 'Reade Stikeltrie', dat de oanset wurden is ta syn hjoeddeiske repertoire. Nei de frysktalige band ADRI&SA is Adri yn 1999 solo de boer op gien. Om syn kompositoryske kwaliteiten waard er yn 2002 nominearre foar de Bernlefprîis.

Om 't Adri it te statysk fûn syn lieten fan efter syn keyboard te sjongen, hat hy himsels it gitaarspyljen oanleard. Dêrmei fêlde hy him frijer op it poadium. Mar al spilet en komponearret hy de measte lietsjes op gitaar, as der in piano stiet sjongt hy graach in pear nûmers by dit ynstrumint.

De Boer makket graach ferskes dy 't minsken by it hert pakke, mar hy skriuwt ek mear loftiche ferskes, Syn programma's sitte fol mei harksankjes. Mankelyk en dan wer fleurichop. Alve kear helle Adri de finale fan it festival 'Liet'. Trije kear, yn 1998, 2001 en 2021 wûn hy it festival.

Adri giet it aventoer net út 'e wei, troch muzikale gearwurking oan te gean mei in brassband, fanfare of harmonie of bygelyks pianist Cor Bakker. Yn 2019 waard it projekt 'Boudewijn de Groot yn it Frysk, in grut sukses. Mei û.o. twa ballade's dy't Adri ynsongen hat. Dêrnei kaam it projekt 'De Boer sjongt Bos', mei yn it Frysk oersette teksten fan Stef Bos, dy't op 'e cd 'LETTER' útbrocht binne. Op 11 april 2023 naam Stef Bos yn 'de Skâns' op de Gerdyk it earste eksemplaar yn ûntfangst. By Omrop Fryslân is it wurk fan Adri de Boer gauris te hearren en ek is hy regelmjittich te gast yn Noardewyn life. En foar strjittefestivals, húskeamerkonserten, doarpsfeesten en by in bbq is Adri de Boer ek te boeken. **Koartsein in allround trûbadoer.**

Freed 28 maart 2025 om 14.00 (twa) oere yn 'De Weijenbelt' te Swol (ynrin fan healwei twaen ôf)

Campherbeeklaan 82 Zwolle (Berkum)

**As útsetter fan dit winterskoft in muzikale middei
mei de *fryske* trûbadoer**



Adri de Boer

mei eigen en yn it *frysk* oersetse teksten fan û.o. Stef Bos

*Koffje/tee by de ynrin, yn it skoft in drankje fan it selskip en nei ôfrin in 'baltsje' fan De Weijenbelt
en rom tiid foar in pypfol praat.*

EN ... IN FERLOTING MEI MOAIE PRIZEN !! HOE MEAR LOTTEN, HOE GRUTTER DE KANS !!